

Hurde friezen

útbrocht op de LP/CD "Húske"

wêr binn' se bleaun, al dy Hurde Friezen	D	G
fan bûgjen frjemd, leaver dea as slaaf	D	Em A7
wy stean' dêr hjoed mar wat om te gnizen	D	G
en wat Den Haag seit dat leauw' wy graach	D	A7 D
wy kneppelje freedts net mear mei de plysje	Fism	G
en nimme 't libben lykas it is:	D	Em A7
wy lizze langút foar de televyzje	D	G
te kôgjen op de konsumpsje-kwis	D	A7 D

wêr binn' se bleaun, al dy Grutte Pieren
dy swaaiers mei harren ûnbidich swurd
se swaaie no mei har bankpapieren
en binn' benijd hoe heech de rinte wurdt
de rekreaasje bringt ek gâns klandyzje
en wij verbreken ons wel als't nodig is
wy lizze langút foar de televyzje
te kôgjen by de konsumpsje-kwis

wêr binn' se bleaun, al dy Foka-fjochters
dy fervers mei harren fryske kwast
se binn' ferslein troch de Ljouwerter rjochters
har plannen lizze yn de djipfrieskast
wy krigen hoop troch harren frijheidsfyzje
mar de dream is út, sjoch hoe't ús Fryslân is
wy lizze langút foar de televyzje
en kôgje foar de konsumpsje-kwis

mar wy binn' bleaun, al dy fryske sjongers
de dichters fan it folksaardich fers
wy sjong' yn't Frysk, Ljouwerters en Oertsjongersk
en hjir yn binn' wy op ús bêst
it fryske liet is opnij tradysje
en hat wol takomst, ja dat is wis
wy komme anst grif op de televyzje
en spylje by de konsumpsje-kwis!

wurden: © Doede Veeman
wize: tradysjoneel (BooLavogue)